

De Noarderhaven van Wommels om 1962 hinne

Jelle Miedema

Fan de âlde Wommelser Noarderhaven is net in soad mear oer. Yn earder tiden hie dy haven in ôfsplitsing nei de noardwestside fan de Terp, noch te sjen op de kadasterkaart fan 1832, mar dy ôftakking waard neitiids dimpe. Oant fier yn de foarige ieu lei dêr in stikje klinkerstrjitte, dat dearûn by de haven. De haven sels rûn mei in bocht fierder troch nei it noardeasten, oant de noardside fan it Noard ta. Mar mei de komst fan de earste húzen oan 'e Spannumerdyk, letter Walperterwei, waard it wetter dêr ynkoarte oant by de saneamde Klompebuert. Dat is ek de sitewaasje fan no, mar mei dit ferskil dat de Klompebuert net mear oer it wetter te berikken is. Midden yn de âlde haven kaam een grutte daam. It boppeneamde dearinnende strjitsje waard trochlutsen, want noardlik fan de Noarderhaven kamen in jachthaven en in swimbad. Dy nije wetterwurken binne de leefberens fan it doarp grif t 'n goede kommen, mar wol ferdwûn dêrmei foargoed in hiel moai en ek hiel âld stikje wetter. Al yn 1632 is dêr sprake fan in 'opfaert' mei in frije opslach, yn 1707 fan in 'haven' en yn 1723 fan de 'noorder haven' (HEN ynv. 46, fol. 233v, resp. ynv. 49, fol. 89v en ynv. 50, fol. 11v).

In foto fan de Klompebuert mei in stikje Noarderhaven yn 1924 is te finen yn 'Wommels by âlds' fan Bokma en Kuipers (1985:43). Mar fan de âlde haven is op dy foto net in protte te sjen. Binne der dan gjin oare foto's fan dat hoekje âld-Wommels? My binne dy net bekend, útsein de foto's dy't ik sels yn de jierren sechstich fan de foarige ieu fan de Noarderhaven makke ha. Dy foto's lit ik hjir net sjen, se komme by gelegenheid wol op de website fan Wommels, mar wol in skilderij en in tekening dy't ik op basis fan dy foto's makke ha. De earste ôfbylding is de Noarderhaven sjoen fan it Trekpaad ôf oan 'e oare kant Trekfeart; de oare de Noarderhaven fan de wâl fan it strjitsje ôf dat dêr earder dearûn, foarby doetiids it 'Hemeltsje' (folget). De earste foto is makke omdat ik als skoaljunge wolris wat skilderje woe en dy hoeke fan Wommels in moai plaatsje fûn; de twadde is makke om in roeiboatsje fan eigen makkelei fan in passende eftergrûn te foarsjen. Feitlik is dy foto in ôfdruk fan in dia dy't ik foarich jier werom fûn. De kleuren fan dy dia, en dus ek fan dy foto, binne net al te bêst mear en sa kaam ik op it idee om der in tekening fan te meitsjen.¹ It skilderij is doe ek fan 'e souder helle en foar dit doel wat skjinnmakke.

Der is in soad op de ôfbyldingen te sjen dat der no net mear is. Noardwestlik fan de haven lei de bou en it hôf fan grienteboer-túnker Tsjerk Postma. Om der te kommen moasten je oer de grutte planke sa as dy op de tekening te sjen is. Restanten fan syn tún wipte Postma oer it stek; dat wie foar de bisten yn it lân rjochts op de tekening. Dat is no allegearre fuort en dat jild ek foar it stjelpke oan 'e oare kant wetter, op it skilderij op 'e eftergrûn fan de haven. Geane we op it skilderij fierder nei rjochts, dan krije we foarby de buorkerij-op'e-foargrûn it Hemeltsje. Yn de 18^e ieu wenne dêr sekretaris Feddeus van der Sluijs en syn gesin. Yn lettere tiden waard it útboud ta in kafé-biljart en siet der in skearsalon yn. Oan de eftsiderie wie de boppeferdjipping útboud, sa as op skilderij noch te sjen is. As lêste hat it gebou noch as skoalle tsjinst dien. No is it dêr tige feroare, mar de noardside fan it nije hús op dat plak hat noch in âlde muorre. Der is dus dochs noch wat âlds oer bleaun yn dy hoeke fan Wommels. En dêrmei wol ik dizze bydrage oer de Noarderhaven ôfslute.

Leiden, augustus 2011

¹ Op dy tekening ha ik it boatsje weilitten. Yn it earstoan hie ik nóch wat weilitten, mar wat dat is ferklap ik hjir net. De bedoelde omissey is te 'sjen' (net dus) op de ôfbylding fan dizze tekening efter op it resinte augustus-nûmer fan *Klaaikluten* (2011 nr. 2).



Jelle Miedema
Noarderhaven en Trekfeart Wommels, ca. 1962
oaljeferve op hardboard, 45 x 68 cm



Jelle Miedema
Noorderhaven Wommels (ca. 1962), 2011
Sineeske inket op papier, 50 x 65 cm

© 2011, tekst en yllustraasjes J. Miedema